

Spulwike Nijs



Spulwike Littenseradiel 2019. 15 oan't en mei 19 july 2019. 17e jiergong.



Fan de foarsitter Holle Bolle Tsjing!

Troch Johannes Hazenberg Foarsitter Stichting Spulwike Littense

Hee Spulwike, wat hienen wy wer in machtich moaie wike net? Sa is it moandei en foardat je it witte is it freed en binne de bern alwer nei hûs. Jammer sis! Stikem soenen je sa no en dan wol ris werom wolle yn 'e tiid, om dat iene moaie momint noch ris te belibjen. Mar eins is it ek wol wer goed dat it net kin, om't it je dwingt om fan elts momint yn sa'n wike te genietsjen. Dit jier haw ik dat foar in grut part troch de lens fan myn kamera dien. Dat like my wol wat. Oeral efkes sjen, foto's meitsje, in praatsje hjir en in praatsje dêr. Sa soe it, sa gie it en man, wat haw ik betiiden lake om al dy bern dy't yn al hun puerheid de meast moaie dingen dogge en sizze tidens sa'n wike. Sy binne it dy't ús wike kleur jouwe en wêr't wy it mei ús foltallige frijwilligersgroep altyd hiel graach foar dogge. Mei dizze krante jouwe wy in moai oantinken fuort oan wer in fantastyske Spulwike.

De hiele wike mocht ik on-tour mei it Spulwike Mediateam. It joech my de gelegenheid om sa foar it lêst oeral noch efkes te sjen en te genietsjen fan alles wat der troch ús frijwilligers elts jier wer foar de bern optou setten wurdt. Sa haw ik genoaten fan bygelyks de disko yn Weidum, dêr't mikrofoanman Wouter yn it ein fan syn kinnen de bern en lieder út harren dak gean liet, mar ek fan Marrichje en Wietse yn



Wierrum, dy't op onevenaarbare wiize de jongste bern fan de Spulwike in te gekke wike besoargje. En derneist, foar my persoanlik miskien wol it moaiste, wie om te sjen hoe't de beide Bauke's myn eardere mikrofoanmanrol ynfulle. Dat en it feit dat der sa'n gouden frijwilligersploech is liedt ta mar ien konklúzje: die Spulwike giet, al hoe dreech it loslitten ek wurdt, ek sûnder my wol troch.

Foar my persoanlik sit de Spulwike der dus definitief op. Nei 11 jier Spulwike, wêrfan 7 jier as foarsitter fan de stichting, is it moai west en draach ik yn grut fertrouwen it stokje oer oan Welmoed. Ik wol fia dizze wei nog ien kear myn innige tank sizze oan al dy minsken wermei't ik troch de jierren hinne yn 'e kunde kaam bin en, yn sawol foar as tsjin, dit geweldige evenemint mei organisearje mocht; it wie my in wier foarrjocht!

Tankber en grutsk bin ik op alles wat wy mei elkoar de ôfrûne jierren berikke mochten; de tiid ûnder de Spulwikesinne wie der ien fan absolute pracht en ien dy't ik foar gjin goud misse wullen hie. Minsken, bedankt foar al dy jierren fan fertrouwen, it giet jimme goed. Spulwike, op nei de 50!



Ik wol net mear oars

Side 2



Tiisdei betsjut: SURVIVAL!!

Side 4



Tritich bern tagelyk stil en ynteressearre

Side 5



We ha lake, gûld en genoaten

Side 7



Ik wol net mear oars

Troch Wouter Appelboom

It is myn sechste jier as lieder en wy binne der wer by en dat is prima! Ik kin net mear oars foarstelle, myn earste fakânsjewe is gewoan altyd Spulwike! Yn myn earste jier ha ik ek in stikje skreaun foar de krante en

fertelde ik hoe't myn earste kear by Spulwike west wie. Wat in ûnderfining wie dat, net te leauwen. Ik woe net mear oars. Myn earste dei is wer west, ik rin om en sjoch nei alle nije liederen en hoe't hja foar de earste kear de bern fermeitsje, de wille dy hja der sels by hawwe. Hoe soe ik ea



oars wolle!
It wie in prima dei, de wolken en de sinne kamen ôfwikseljend lâns. Soms tocht ik 'it is hiel kâld' en it folgjende momint fielde it as tritich graden. Wat

moai om spultsjes en swimmen lekker ôf te wikseljen; de bern fine it fantastysk. De bern en ik fiele ús direkt wer hielendal thúsn yn Wierrum DC! De kommende fjouwer dagen mei ik dit plak as

lieder myn thúsn neame en dat doch ik mei in in soad wille. It blykt wol dat ik in leafde foar Spulwike ha. Yn myn sechste jier fyn ik it noch altyd fantastysk. Dit wol ik de kommende jierren seker dwaan bliuwe!



Columbus yn Wild Wester Littens

Troch Marrit en Fardau

Holle Bolle Tsjing! We binne los! Fannemoarn binne we mei 39 entûsjaste liederen en 200 fanatike bern yn it tema Amearika begûn. Mei de komst fan Columbus binne de bern útein setten om

op syk te gean nei harren lieder. Dit ha se dien oan de hân fan it spultsje 'Wa bin ik?'. Dit wie wer in fantastyk grut sukses, it wie in hiele toer mar úteinlik hawwe alle bern de liederen fûn. Under lieding fan de nije mikrofoanmannen Bauke & Bauke hawwe we



fanatyk roeid, songen en gek dien. Oankommen op it fjild hawwe de nije spulwekehit songen, ranja dronken en tinten bouwd. Fansels moasten de tinten ek fersierd wurde, dit draaide der op út dat de liederen en bern

spultsjes dien tiidens it sport en spul, mei as hichtepunt de Trump Tower (opblaastoer). Ek mei mar 16 graden en sa no en dan in spatsje rein, wiene de bern yn't selsmakke swimbad te finen. Dûnsjend en sjongend ha we de dei mei inoar ôfsluten. It wie wer machtich! In goed begjin fan'e Spuwike!

Letter spetters!
Dikke tút.
Oant moarn!



mear ferve op harren self hiene as alle tinten by inoar. Yn'e middei ha we allegearre



WashingDum is los!

Troch Rimmelt en Hedwig

Sa as altyd komme de bern yn ús prachtige Arena dy't dizze wike fansels it Wite Hús neamd wurdt. 184 bern lieten merke dat se wer

in protte nocht hawwe oan de Spulwike! Omdat de liederen net yn it Wite Hús wiene, giene de bern op paad troch WashingDum om harren liederen te sykjen. Dit gie middels in fotospeurtocht

wêrby't se plakken fine moasten yn it doarp. Fia in "selfie" fan de liederen dy't se yn in slúfke krigen moasten se op syk nei dy lieder dy't op de "selfie" stie. Fansels hawwe de slimme bern fan groep 7&8 alle liederen fûn en wie it dêrnei âlderwetsk tiid foar tinte bouwe en ferve smite! Mei alle bern en liederen ûnder de ferve koe de kompetysje fan de Spulwike los gean! Mei foarôf in sprong yn de kikkertsleat koenen de bern nammentlik de striid oan gean mei de moaie spultsjes op it keatslân. Toulûke, libjend "beer-pong" en de Amearikaanse kwis wienen ûnder oare de spultsjes fan dizze middei. Nei de spultsjes bouwde ús mikrofoanduo der noch in moai feestje fan yn it Wite Hús en waard de tuskenstân fan de dei bekind makke. Der klonk nochris Holle Bolle Tsjing, toedelo en oant moarn, want moarn is fansels de Survival!



DE SPULWIKE STIPERS FAN 2019

Accu Service Centrum ASC www.accuservicecentrum.nl Ljouwert	A.C.R. www.acrwinsum.nl Winsum	Administratiekantoor G. van Putten www.gervanputten.nl Kubaard	Altis www.altis-bv.nl Wiuwert	Apotheekhoudende Huisartenpraktijk Hoepman Easterein
Architectenbureau Syb C. Eldering B.V. www.sybeldering.nl Mantgum	Audio Frysk / DAT Tekstbureau www.audiofrysk.nl Easterwierrum	Autobedrijf Haaima www.autohaaima.nl Ljouwert	Autobedrijf Pieter Miedema www.autobedrijfpietermiedema.nl Easterwierrum	Autobedrijf Sypersma www.autobedrijf-sypersma.nl Easterwierrum
Autofirst Menno Walinga www.autofit-mennowalinga.nl Winsum	Autohuis Winsum www.autohuiswinsum.nl	Automaterialen Ronald Morien www.ronald-morien.nl	Wiuwert Autoverkoopbedrijf Van der Wal www.autoverkoopbedrijf.nl Winsum	B. Wiersma Koelwagenverhuur Itens
Bakkerij Sybesma sybesma-boksum.ambachtsbakker.nl Boksum	BECS Tentverhuur 06 18553797 Wommels	Bedrijvencentrum Weidum bcweidum.nl Weidum	Boerencamping de Swetteblom www.swetteblom.nl Bears	Bos Mechanisatie B.V. www.bosmech.nl Easterein
Boubedriuw Kooistra www.boubedriuwkooistra.nl Kûbaard	Bouw- en Restauratiebedrijf Sytse Douwe van der Vegt www.sdvandervegt.nl Weidum	Bouw-Tekenburo Wietse B. Ligthart www.bouw-tekenburo.nl Wommels	Bouwbedrijf Bootsma www.bouwbedrijfbootsma.nl Easterwierrum	Bouwbedrijf Frankena www.frankenabouw.nl Wommels
Bouwbedrijf N. Scharringa www.bouwbedrijfscharringa.nl Wjelsryp	Bouwbedrijf Van der Sloot www.bouwbedrijfvdsloot.nl Winsum	Brouwer Schilders www.brouwerschilders.nl Wommels	Café & Snackbar Bonnema 058- 2897578 Mantgum	Café Wiuwert 058-2501372 Wiuwert
Camping de Slypstien www.campingdeslypstien.frl Wjelsryp	Camping Passantenhaven It-Kruswetter www.it-kruswetter.nl Easterlittens	Comfort Koe www.comfortkoe.nl Wjelsryp	Coop Supermarkt Tolsma www.coop.nl Winsum	Couperus Hydrauliek B.V. www.couperushydrauliek.nl Easterein
D. Bouma Keukenmontage Easterlittens 06-48704042	D. Kuipers Mechanisatie www.dkuipers.nl Wytmarsum	DA Fizel www.fizel.nl Wommels	Dierenartspraktijk It Griene Hert www.itgrienehert.nl Wommels	De 2 Gemeenten de2gemeenten.nl Jirnsum
De Tsjettel Winsum 06-52698478	De Vijf Sinnen www.devijfsinnen.nl Weidum	Doapshûs Yn'e Mande 06-36570023 Welsryp	Doarpsbelang Easterwierrum	Doarpshûs MFC 'De Tysker' Easterwierrum
Doarpshûs Weidum	Doarpshûs Us Honk 0610948854 Britswerd	Dorant Installatiewerk Weidum 06-53579103	Doarpshûs MFC 'De Jister' Easterlittens	Echte Bakker Posthuma Wommels, Bolsward, Sneek, Scharnegoutum www.echtebakkerposthuma.nl
Eetcafe de Trilker detrilker.nl Poppenwier	Erik Haitsma skildersbedriuw 06-2037278 Wommels	Fa. H.W. Koning www.koningfourage.nl Winsum	Fanfare Orkest Ons Ideaal Easterwierrum	Folkertsma metsel en klusbedrijf folkertsma-metsel-en-voegbedrijf.nl Wjelsryp
Fysiotherapie Jelle Sybesma www.jellesybesma.nl Mantgum	Gastouderbureau LinQ www.gastouderbureauinq.nl Ljouwert	Gebr. Vellinga B.V. Int. Handels- & Transportbedrijf www.gebrvellinga.nl Easterein	Gebr. Swierstra VOF, Tuinaanleg en Loonwerk www.gebswierstra.nl Weidum	Gemeente Leeuwarden
gemeente súdwest fryslân	Gerbrandy State B&B Groeps Accommodatie www.gerbrandy-state.nl Boazum	Gezondheidscentrum GJ Fokkens www.gezondheidscentrumfokkens.nl Winsum	Grasman Onderhoudsbedrijf 06-20805443 Boazum	HBW Montage www.hbwmontage.nl Baaium
Hebaco 0630306934 Wjelsryp	HEMA www.hema.nl Snits	Henk de Boer Melktechniek www.henkdeboermelktechniek.nl Jellum 058-2519488	Hessel's Toiletwagenverhuur www.hesselstoiletverhuur.nl Stiens 058-2574539	HM Montage 06-46596585 Wjelsryp

Stipers, freonen, frijwillichers en eltsenien dy't Spulwike mooglik makket, tige tank foar jimme stipe!



In dikke kroep fan in Spulwikebern

Troch Nina en Irma

Se kaam hjoed oandraven en joech har lieder direkt in kroep, hja hie der dúdlik in soad nocht oan! Har lieder fan foarroich jier koe se noch oanwize. In erfaren bern, dat koest ek hearre oan it lûde sjongen. Se song elk ferske

mei. By de foksejacht rûn se net foarop mar se wachte altyd keurich op har lieder. Dat fûn se gesellich. By de spultsjes stie se wol foaroan, want dêryn wie se fanatyk krekt lykas de rest fan har groepke. In rêstich famke, mar se genoat sichtber. Ik haw noch nea in bern sa stil sitten sjoen by it

schminken. En wat seach se der kreas út mei de Amearikaanse flagge. Hân yn hân (earst links, dan rjochts.. of nee dochs links) yn 'e optocht mei in blokfluit en selsmakke ynstrumint. Dochspitich dat de spulwike der foar har alwer op sit. Nei it krijen fan 'e fotolistjes har lieder fansels wer in dikke kroep. Ik tink dat se no al sin hat oan oar jier yn Easterlittens!



In oerfal!

Troch Tjitze en Hermine

Nei in fleanende start fan de spulwike yn Wild Wester Littens wiene de bern fannemoarn wer entûsjast oer wat der hjoed wer barre soe.

De haadrol wie hjoed foarg Indiana Geertje wa't nei har prachtige ferskinning frij maklik haad waard fan WW Littens. Al it jild dat Spulwike Littens sparre hie, soe sy bewarje.

It wie tiid foar it spul om de piip. Der waarden in soad spultsjes dien. Dernei wie it pleatsespul wêrby't de bern flotten en kastielen bouwden, sjen lieten hoe krêftich se wiene mei de highland games. Ek it Amearikaanse 'baseball' waard op professionele útfierd en doe kamen de bern fol fjoer werom yn it indianedoarpke dêr't bliken die dat der oare figueren yn



it spul wiene dy't foaral ferlet hiene fan wat jild.

Tiidens it sjongen waard al it jild stellen troch in gefaarlike cowboy mei in bandyt oan syn side. Mei in soad oermacht waard it jild

meinaam, al wiene der tûke bern dy't noch wat jild rêde koene sadat it swimmen moarn trochgean kin. Moarn sjogge we fierder hoe't it restearjende bedrach rêden wurde kin troch de bern sadat de 2000 pankoeken betelle wurde kinne.



Tiisdei betsjut: SURVIVAL!!



Troch Hindrik

Tiisdei, de dei dy't tradisjoneel yn it teken stiet fan de survival bij ús yn WashingDum. De 'survival' ploech hie wer grut útpakt en der foar soarge dat de bern harren hjoed fermakke hawwemeidingen as in "Blubberbad" dêr't de bern harren as in wier meunster fan blauwe drek omtoverje koenen, wat hiele moaie mominten en

"gefjochten" oplevere. Foar snelheden en in bytsje adrenaline binne de bern bij ús yn WashingDum ek net benaud! Fan mei in flinke gong yn in bân fan de spesjaal boude glydsbaan it wetter yn, oant ús eigen "kraanslingerspul". Fjouwer grutte stikken pleslik en in kraan yn it midden dy't in bân mei gong oer de stikken pleslik swipe, makke bij de measte bern

genôch yndruk! We ha yn totaal 10 hindernissen en spultsjes oerwûn en sa koene de bern oan it ein fan de dei lekker ûnder de drek nei hús ta. Ek binne wy derefter kaam dat we hjir in stel bikkels bij inoar hawwe, want de wyn yn kombinaasje mei wiete klean makke it der net waarmer op. Al mei al kinne we werom sjen op in frisse mar machtige survival!

‘Skippy Bouke’

Troch Jesse en Janien

Op’e nij in skitterende Spulwikedei yn Wierrum DC. Dizze kear waarden wy ferwend troch in strieljende sinne en 23 graden op ús kopkes! Dit yn kombinaasje mei in groep

machtige bern wie it wer geniten. Nei in waarm wolkom yn de arena giene wy al gau troch nei it ferfgefecht dat der wer útnaaide. Skjinne bern wienen net meer te finen. Nei in hoekje bôle en in slok Spulwikebier giene wy gau it doarp yn om te



starten mei ús aventoer nei Amearika. Lieder Jesse hie de paspoarten keurich opromme yn klúskes. Mar nei in blokje om yn it doarp wienen de koades út syn bûse rûgele. Nei in wol-



fertsjinne straf yn it swimbad ha alle bern alles op alles setten om dizze koades wer werom te finen. Spultsjes waarden ek by de fleet spile sa as memory, toulûke en in skippybalrace. Je koene it sa gek net betinke! Tidens dit skippybal-spektakel ontdekten de bern dat lieder Bouke ek oer in skippybal ûnder syn shirt beskikt. De bern wienen hjir fansels ûnderstebop-

pen fan en dit frege om opheldering yn de arena. Wat bliek, lieder Bouke hie moarns betiid stikem in skippybal opiten. Ek ‘Skippy Bouke’ moast dit mei in dûk yn it zwembad bekeapje. Middeis ha wy gelokkich noch fleantúchûnderdielen ynsammele om mei ús selsbouwde fleantúch nei Amearika te sjezen. Wy hoopje dat wy moarn bekaam binne fan ús jetlag.

Goeie, goeie, goeie! Hé, hé, hé!

Troch Yes Anne en Martine

Hjoed wiene we mei alle Spulwikebern yn Wommels. We binne starten mei it allermoaiste teepûdsjespul. Mei syn allen it doarp yn en probearje de gekste, moaiste, grutste atri-

buten yn te sammeljen. De bern kamen mei de gekste spullen werom op it fjild; fan waskmesine oant túnset, fan tosti-izer oant bernewein en gean sa mar troch... En dat allegear mei mar in pear teepûdsjes.



Dizze dei wie it hiel wichtich om de sinnebrân mei te nimmen yn it spulwiketaske, want middeis bruts de sinne troch. Nei in stikje bôle en poeiermolke binne we mei syn allen sjongend en dûnsjend nei it swimbad gien. Sa gau mooglik de swimklean oan en hurry up, it swimbad yn!

Mei de geskikte Amearikaanske temperatueren wie it echt geniten yn en om it bad. We hawwe ûnder oaren it Big Wall Bommetje dien. Ek de draaikolk wie great again. De búkjes mochten fuld wurde mei in American Donut en net te ferjitten wat chips. Mei elkoar ha we de dei sjongend ôfsluten en seagen we alwer út nei de dei fan moarn!



Tritich bern tagelyk stil en ynteressearre



Troch Marije, Welmoed, Klaske, Jort en Laurens

Woansdei. We binne alwer op’e helte fan’e wike, wat giet it allegear wer rap... Woansdeis gean wy altyd op ‘t fytske nei de omlizzende doarpen om allegear gekke en aardige spultsjes te dwaan. Dit jier wiene Jellum en Bears oan de beurt. Op kemping de Swetteblom wie der in machtich Sweedsk rinspul. De bern koene harren enerzjy hjir moai kwyd mei draven en fragen beäntwurdzjen. Fansels wie der hjir ek wol in momintsje om efkes in ferfrissende dûk yn’e swette te nimmen. Yn Jellum op ‘t keatsfjild koene de bern trefballe, kwise en as hichtepunt it statensspringspul, wêrby’t “steen, papier en schaar” ta in heger nivo tild waard. It meast ynteressante wie mis-kien wol de rûnlieding by Van de Lageweg yn Bears. De bern ha harren eagen útsjoen op it gigan-tyske kompleks yn Bears. Se ha

sels noch in pear rûntsjes yn’e stapmûne rinne kinnen, al wie de stroom der al ôf fansels. Ek ha se noch in efkes yn’e springbak draafd en sprong. It wie moai om te sjen hoe maklik it wie om tritich bern tagelyk stil en ynteressearre te krijen, dat slagget oars net sa goed. ;)

Fynstoe ek dat Spulwike bestean bliuwe moat?

Wurd “Freon fan Spulwike” en help ús om dizze machtige wike ek yn de takomst mooglik te meitsjen!



Gean nei www.spulwike.frl en klik yn it menu op “freonen”.



DE SPULWIKE STIPERS FAN 2019

Holiday ice BV www.holidayice.nl Sint Nyk	Hoveniersbedrijf T. Melein hoveniersbedrijfmelein.nl Easterwierrum	Herberg het wapen van Friesland www.hetwapenvanfriesland.nl Easterlittens 0517-342996	H.B. Bergwerff Apotheekhoudend Huisarts 0517-341272 Baard	Hylkema Hydrauliek service Reahus 0653370044
JC Bouw www.jcbouw.nl Wjelsryp	Julius van der Werf Tegelgroothandel B.V. juliusvanderwerf.nl Sneek	Kapasalon 't Kniplokaeltsje 0515-332320 Easterein	Kapsalon Rommy Weidum 058-2519049	Keatsferiening Easterwierrum
Kinderopvang 'Bij Maaïke' 058-2519841 Weidum	Kinderopvang 'Ons Plakky' www.onsplakky.nl Weidum	Klaas Wynia Timmerwerken www.klaaswynia.nl Easterlittens	Klaversma Bouwbedrijf www.klaversma.nl Mantgum	Klussenbedrijf Jan Pieter de Boer 06-10949013 Bears
Logopedisch maatschap Kingma en Wijnstra www.logopediefriesland.nl Weidum	Loon en aannemersbedrijf Wierda BV www.loonbedrijfwierda.nl Goaïngea	Lyts kanaän www.lytskanaan.nl Mantgum 058-7110521	mtsvici.nl www.mtsvici.nl Weidum	Maatschap Elgersma Weidum
Maatschap Kroondijk Hichtum	Maatschap van der Weij Weidum	Meester Show- en Theatertechniek www.meesterlijktheater.nl Grou	MHB Event Facilities BV Bolsward mhbav.nl	MHB Showtechniek www.mhbshowtechniek.nl Bolsward
Modeschoenen Rutten www.rutten4shoes.nl Sneek	Montagebedrijf Marco Bakker marcobakkermontage.nl Wommels	Montagebedrijf W. J. Kramer 06-15574321 Winsum	MTS de Vries Weidum	Nijdam Skildersbedriuw 0515 332 754 Wommels
Partycentrum It Dielshûs www.itdielshus.nl Wommels	Patrick Kramer Lightning Design Weidum	Pizza's van Atze Weidum	Poiesz Supermarkten www.poiesz-supermarkten.nl Mantgum	Rabobank Sudwest Fryslân 0515 437 000 Snits
Ronny Roskam onderhoud, renovatie en zinkwerk www.ronnyroskam.nl Easterlittens	Sander Metz sandermetz.nl Rien	Sandstra Transport www.sandstratransport.nl Boalsert	Schoustra Dienstverlening www.schoustradienstverlening.nl Easterwierrum	Sijperda Verhuur www.sijperdaverhuur.nl Snits
Silobags.nl info@silobags.nl Jorwert	Smids DesignStudio www.smidsdesignstudio.nl Weidum	Stichting Friese Rijwiel Elfstedentocht Boalsert	Slachtepop www.slachtepop.nl Wommels	Stienstra Houtimport 0515-521264 Boazum
Studio Dyk 058-2519371 Mantgum	Studio Roscher www.roscher.nl Weidum	Symen Wynia Agrarischdienstverlening Dronten	Tallship Company 0651601696 Easterlittens	Talsma Bouwkundig Advies-, Ontwerp- en Tekembureau www.albertdirktalsma.nl Weidum
Tandartsenpraktijk mantgum 058 250 1781 Mantgum	Terluin metselwerk en gevelrenovatie 06-12937208 Mantgum	Technisch Installatiebedrijf D.A. Reekers B.V. www.dareekers.nl Easterlittens	Timmer en Restauratiebedrijf van der Hoek 0517-341861 Spannum	Timmerbedrijf René Dijkstra 06-12051015 Mantgum
TSM Installatietechniek www.tsm-installatietechniek.nl Weidum	Tuincentrum De Gaardenier tuincentrumgaardenier.nl Wommels 0515-332900	Tweewielers de Jong www.dejong.biketotaal.nl Wommels	Van der Velde Slaapcomfort, mode & textiel www.uwslaapspecialist.nl Winsum	VDL Stud & Sporthorses www.vdlstud.com Bears
Warenhuis van der Velde www.favandervelde.nl Wommels	WD-SAT www.wdsat.nl Wommels	Weidumerhout 058-2519888 Weidum	Wetterwille Friesland wetterwillefriesland.nl Wommels	Wheagan Multicar Service www.wheagan.nl Wommels
WieBe Handelsonderneming 06-38129113 Boazum	Wiersma Tentenverhuur www.wiersmatenten.nl Leeuwarden	Woonvaria Colors@home www.woonvaria.nl Wommels	Zwembad de Klomp www.zwembaddeklomp.nl Wommels	

Stipers, freonen, frijwillichers en eltsenien dy't Spulwike mooglik makket, tige tank foar jimme stipe!



Bisto benijd nei mear foto's en wolst op 'e hichte bliuwe fan Spulwike 2020?
Folgje ús op Facebook en instagram fia @spulwike.littenseradiel!



Groetsjes fan de broekjes ûnder de liederes

Troch Allert en Tjerk

De tiid fleach foarby de ôfrûne dagen en no wie it alwer de lêste

dei mei de bern. De dei stie yn it teken fan in wichtige missy, wêrby't wy Amearika út de brân helpe moasten. Om de missy te

fortôgjen, moasten der ferskate opdrachten útfierd wurde. Dat is mei in oertsjûgjende ynset fan de bern tige goed slagge, want

nei in dei fol spultsjes, schmink, ranja, sinnebrân, fervefjochterijen, wetter en blue drag wie it tiid om werom te gean nei ús moaie Fryslân.

Troch it minne waar fan letter op de middei moasten wy útwike nei Route 66, want fleane wie gjin opsje mear. Ûndanks it wiete waar fûnen sawol de bern as de liederes en âlders it 'fantastic'! Wy as nije liederes hawwe de ôfrûne dagen meimakke hoe't it is om in groepke bern oan te stjoeren

en te fermeitsjen en dat fûnen we hiel moai! Dêrom hawwe wy in machtige Spulwiki hân en sjogge wy no al út nei de edysje fan 2020 yn Easterwierrum.



We ha lake, gûld en genoaten

Troch Ynke en Stella

Yn'e kring sûnder liederes, want de foksejacht stie op it programma. Wild Wester Littens waard oernaam troch cowboys, films-tjerren, chearleaders, football-players, disneyfiguren en noch folle mear. De bern mochten op

paad mei harren paspoarten om stempels yn te sammeljen, mar moasten wol goed oppasse en der omtinke dat de FBI en de douane de stempels net stiel!

Werom yn'e kring in stikje bôle en bulten ranja, want goed tared wêze op'e survival. Der wie fan-



sels blauwe, blauwe, blauwe, drek, drek, drek! Springe yn it wetter, klimme, klauterje en gekjeije. In oantal bern wie troch de blauwe drek ûnwerkenber; bonuspunten dus!

Doe waard it tiid om drûge klean oan te lûken. De tipytinten waarden wer ôfbrutsen en der moasten ynstruminten makke wurde. Teamwork en kreativiteit tot de maks. Doe moast fansels ek de mega stofsûger oansetten wurde; in nij world record foar it opromjen.

Doe't it tiid waard foar pankoe-ken, waard de loft wol hiel tsjuster! We draafden troch de bui nei binnen om dêr ús pankoe-ken op te haffeljen. Wat wie it lekker, alles wie skjin op.

Dernei mar yn'e schmink. Lieders en bern yn alle kleuren! Sa giene wy troch it doarp mei bulten lawaai. Roppe, raze en sjonge, want no is de spulwiki foarby.

We ha lake, gûld en genoaten, wat wie it wer in machtige wike.



Yn de trein nei Snits ta!

Troch Remmelt

Wat wienen de reaksjes prach-tich doe't ik de liederes fertelde dat wy mei de trein nei Snits gean soene op ús langste dei fan de Spulwiki. Elkenien wist al dat dit

in grut feest wurde soe om mei twa kear 90 bern yn de trein te reizigjen. Dat bleek doe't úteinlik de tongersdei yn WashingDum los gie. Sels Omrop Fryslân wie der by om it barren yn'e trein te filmjen! Holle Bolle Tsjing

yn 'e trein koe net lang genôch duorje, mar úteinlik kamen wy oan yn Snits. Yn Snits giene de bern en liederes dwaande mei de Route 66. Dat binne 66 grappige en útgaagjende opdrachten dy't útfierd wurde moatte om

safolle mooglik punten te skoaren foar de einstriid fan Spulwiki. Bygelyks 5 minuten stil wêze wie in opdracht en dat is yn de Spulwiki tige dreech sil ik jim fertelle. Ek giene de groepen yn'e polonaise troch de winkels en

klonken troch de hiele stêd de ooh sa bekinde Spulwiki-eferskes. In dei dy't noch lang yn it geheugen sitten bliuwe sil. Spitigernoch gie de trein ek wer werom nei Mantgum en lökkigernôch wie it dêrnei tiid foar pankoe-ken iten!





Disko en American morning yn WashingDum

Nei it pankoek iten wie it sin goed, mar it waar net. It wetter kaam mei bakken út de himel, mar ús Spulwikebern binne net samar benaud. Gesellich mei elkoar al sjongend ûnder in oranje of blau syl nei Flapper ta, de buorkerij dêr't we jûn sliepe sille. By Flapper hawwe alle bern harren

net mear te hâlden. In tige slagge disko dy't ôfsletten waard mei in lekkere waarme hotdog by it kampfjoer by Flapper. Foar it sliepen gean waarden der earst noch wat tútsjes útdield tusken de jonges en famkes. Hjirnei waard it gau stil en leinen de bern nei in lange mar hiele leuke dei



bedsje ree makke en waarden de Spulwikeshirts efkes ynruile foar in hippe disko-outfit. Mei dizze prachtige outfits giene wy wer ûnder it syl werom nei it doarps-hús yn WashingDum. DJ Wouter wist eltsenien op de dûnsflier te krijen en op de ferskes as 'Tante Rita' en 'Tienduizend Luchtballonnen' wiene de bern

lekker te koesen. De freed begûn goed mei in hearlik 'American breakfast' mei ûnder oare scrambled eggs, pancakes en peanutbutter jelly. Nei it moarnsiten wie it tiid foar de lieder 'challenges'. Der kamen hjitte pipers en in soad

spekjes oan te pas.. Foardat dizze fantastyske wike oan syn ein kaam, waard der noch

bekind makke hokker groepke der mei de earste priis fan troch gean mocht. En spiti-gernôch wie it doe tiid om ôfskied te nimmen en krigen de bern in prachtich fotolistsje mei nei hûs. In oantinken oan in fantastyske Spulwike 2019!

